

inkeld ferstjoerd mei de e-mail  
[redacted]@knid.nl

Ljouwert, 17 febrewaris 2025  
Ferstjoerd, **17 FEB. 2025**

Ús merkteken : 02342597  
Domein/ Team : Domein Tsjinstferliening  
Opsteld troch : Woo-team / (058) 292 59 25 of woo@fryslan.frl  
Jo merkteken :  
Taheakke(n) :

Ûnderwerp : beslissing op jo Woo-fersyk mei saaknûmer PF-2024/283363

Achte [redacted],

Op 7 novimber 2024 hawwe wy jo fersyk om ynformaasje op grûn fan de Wet open overheid ynkrigen. Dat fersyk is registrearre ûnder saaknûmer PF-2024/283363. Wy freegje jo by eventuele fierdere korrespondinsje gebrûk te meitsjen fan dat saaknûmer. Nei oanlieding fan jo fersyk krije jo dit beslút.

### Jo fersyk

Jo fersyk slacht op it iepenbier meitsjen fan it folgende:

*Graach soe ik yn it kader fan artikel 4.1 van de Wet open overheid (Woo) de neikommende ynformaasje ûntfange, by foarkar yn digitale foarm.*

*It giet my om de stikken dy't laat hawwe ta it takennen fan it lêst bekende Taalplan-Frysk profyl en deselde stikken oer it takende Taalplan-Frysk profyl wat fjouwer jier earder takend is.*

*Ik ûntfang dêrom graach fan elke skoalle yn it primêr ûnderwiis:*

- De lêste Taalplan Frysk 2030 – Rapportage Primair Onderwijs en it dêrby hearrende ûntheffingsbeslút.*

- De eventuele stipe-oanfragen dy't se yn de jierren 2021, 2022, 2023 en 2024 dien hawwe yn it kader van de FFNEL (Frysk foar no en letter) en de takennings- of ôfwizingsbrieven troch de provinsje.
- Har oanfragen om beskikking te krijen oer de lesmetoaden Spoar 8 en de abonneminten foar Tsjil en Linkk.

Mei ferwizing nei de termyn dy't neamd is yn kêst 4.4 fan 'e Woo, fersykje ik jo my de frege ynformaasje foar 8 desimber 2024 ta te stjoeren.

As jo kosten yn rekken bringe foar it meitsjen fan kopyen ensfh. fersykje ik jo my dêr yn 't foar fia de e-mail op 'e hichte te bringen.

### Prosesferrin

Op ferskate mominten hawwe wy kontakt mei jo hân. Nei ús ûntfangstbefêstiging fan jo Woo-fersyk, hat der op 20 novimber 2024 telefoanysk kontakt west tusken jo en in meiwurker fan ús. Dêrby is besprutsen dat jo Woo-fersyk frij mânsk is en it resultaat ferbân hawwe koe mei sa'n 2.000 dokuminten. Taljochte is dat wy jo in útdraai fan ús digitale systemen stjoere kinne. En dat dy útdraai ynformaasje befettet oer:

- De subsydzje-oanfraach fan de oanfrege skoallen foar de jierren 2021 o/m 2024;
- De namme fan de skoalle;
- De data fan de oanfragen;
- De takenning en/of ôfwizing;
- It takende bedrach (as dat fan tapassing is)

En, dat ek in útdraai fan de troch jo winske ûntheffingsbesluten mooglik is.

Jo giene dêrmei akkoart en hawwe dat mei jo e-mail fan 20 novimber 2024 oan ús befêstige.

By e-mail fan 2 desimber 2024 hawwe wy jo witte litten dat it ús net slagge om yn de ferwachte termyn fan fjouwer wike nei ûntfangst fan it Woo-fersyk in beslút te nimmen. Dat jo Woo-fersyk mear tiid koste en dat wy dêrom besletten hiene de beslissing mei twa wike te ferstellen. Wy hawwe jo ek witte litten dat de ôfsprutsen útdraaien út ús digitale systemen makke wiene, dat wy de útdraaien noch kontrolearje moasten en dat tredde-belanghawwers noch de gelegenheid krije moasten om sjenswizen yn te tsjinjen.

By e-mail fan 18 desimber 2024 hawwe wy jo witte litten dat wy tredde-belanghawwers yn de gelegenheid steld hawwe om oant en mei 15 jannewaris 2025 in sjenswize yn te tsjinjen.

### Tredde-belanghawwers

Dit beslút rekket ek de belangen fan oaren as de provinsje Fryslân. Dy tredde hawwe wy ynformearre oer it Woo-fersyk en ús foarnommen beslút. Dêrop koene sy in reaksje (sjenswize) nei foaren bringe. Net ien fan dy tredde-belanghawwers hat fan dy mooglikheid gebrûk makke.

### Berik fan it fersyk

It berik fan jo fersyk wurdt, oan 'e iene kant, begrinze troch ûnder ús berêstende ynformaasje yn besteande dokuminten oer it ûnderwerp fan it fersyk, en oan 'e oare kant troch de datum



fan ûntfangst fan jo fersyk. Jo fersyk is op 7 novimber 2024 troch ús ûntfongen. Dat betsjut dat publike ynformaasje oer it ûnderwerp fan jo fersyk yn besteande dokuminten foar safier't wy dy ûnder ús hawwe op 7 novimber 2024, binnen it berik fan jo fersyk falt.

**Wy binne mei jo oerienkommen dat wy twa systeemútdraaien iepenbier meitsje**  
Hjirûnder ljochtsje wy ta hokker útdraaien makke binne.

#### Utdraai 1 – Taalplan-Frysk profilen

De earste útdraai giet oer in oersjoch fan de skoallen yn it primêr ûnderwiis en harren Taalplan-Frysk profilen (ûntheffingsbesluten) yn de nulmjitting (2017, 2018) en de ferfolchmjitting (2021, 2022, 2023).

Wy merke op dat fan selrigel 361 ôf by in oantal skoallen gjin profyl neamd stiet foar it jier 2022. De reden dêrfoar is dat guon skoallen sletten of fusearre binne. Sa wiene der by de nulmjitting 423 skoallen yn it primêr ûnderwiis yn Fryslân. By de ferfolchmjitting wie dat oantal 369. Alle 369 skoallen hawwe in nij profyl krigen, op ien skoalle nei. De oanbelangjende skoalle woe wol meidwaan oan de ferfolchmjitting, mar fanwegen omstannichheden yn de priveesfeer is dat net slagge. De skoalle is noch wol besocht foar de ferfolchmjitting, mar de resultaten koene net mear meinommen wurde yn de rapportazje fan de ûndersikers.

#### Utdraai 2 – Subsydzjebedragen

De twadde útdraai hat mei in oersjoch fan de skoallen yn it primêr ûnderwiis te krijen, it oanfrege subsydzjebedrach, it resultaat fan de subsydzje-oanfraach en eventueel it takende en fêststelde subsydzjebedrach.

#### **Beslút**

Wy hawwe besletten om, mei yn acht nimmen fan de útsûnderingsgrûnen fan de kâsten 5.1 en 5.2 fan de Woo, de troch jo opfrege ynformaasje yn de foarm fan ús útdraaien út it systeem folslein iepenbier te meitsjen op grûn fan kâst 4.3 fan de Woo.

#### **Wize fan beskikber stellen, iepenbiermeitsjen en publikaasje**

Dit beslút mei de dêrby hearrende útdraaien wurdt publisearre op de webside <https://open.fryslan.frl/> ûnder it tema 'Underwiis en wittenskip'. As service krije jo ús beslút ek oer e-mail. Wy stelle de tredde-belanghawwers op 'e hichte dat it beslút mei de dêrby hearrende útdraaien te finen is op ús webside.

#### **Hawwe jo fragen of ferlet fan mear ynformaasje?**

Hawwe jo nei oanlieding fan dizze brief noch fragen, dan kinne jo dy stelle troch te mailen nei [woo@fryslan.frl](mailto:woo@fryslan.frl) of te beljen nei 058 292 59 25. Ferjitte jo dêrby net om it saaknûmer te neamen?

Út namme fan it kolleezje fan Deputearre Steaten,



Domeinmanager Tsjinstferliening

### Beswier

Dejinge waans belang streekrjocht by dit beslút behelle is, kin tsjin dit beslút binnen seis (6) wike nei de dei fan it ferstjoeren dêrfan in beswierskrift by Deputearre Steaten yntsjinje, Postbus 20120, 8900 HM yn Ljouwert.

Yn it beswierskrift moat op syn minst stean:

- a. de namme en it adres fan de yntsjinner;
- b. de deitekening;
- c. in omskriuwing fan it beslút dêr't it beswier op rjochte is en by foarkar mei it neamen fan it *skaaimer* fan it beslút;
- d. de grûnen fan it beswier;
- e. de hantekening fan de yntsjinner.

Mear ynformaasje oer de beswierskrifteproseduere fine jo op [www.fryslan.frl](http://www.fryslan.frl) ûnder "contact", of jo kinne belje mei it sekretariaat fan de beswierskriftekommisje: tel. (058) 292 59 25.

Troch it yntsjinjen fan in beswierskrift skood de wurking fan dit beslút net op. De yntsjinner fan in beswierskrift kin, as it fuortendaliks moat, in foarriedige foarsjenning freegje by de foarsjenningerjochter fan de rjochtbank Noord-Nederland, Afdeling Bestuursrecht, Postbus 150, 9700 AD yn Grins. Oan in fersyk om in foarriedige foarsjenning binne wol kosten (griffyrjocht) ferbûn.

## Toelichting grondslagen

In dit document kunt u secties vinden die onleesbaar zijn gemaakt. Deze informatie is achterwege gelaten op basis van de Wet open overheid (Woo). De letter die hierbij is vermeld correspondeert met de bijbehorende grondslag in onderstaand overzicht.

### **J** Art. 5.1 lid 2 sub e

Het belang van de openbaarmaking van deze informatie weegt niet op tegen het belang van de eerbiediging van de persoonlijke levenssfeer van betrokkenen